

FRYSLÂN
BOPPE



Handgemaakte
pompeblêdsjes
in goud en silber

Te koop in onze
winkel in Joure of via
pompeblêdsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE WATZEVANDERWAL.NL

2022
2023


RYSK
SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

51

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



Vanaf januari 2023 geopend!

- ✓ Grand Café met heerlijke gerechten.
- ✓ Zoveel mogelijk gebruik van lokale producten
- ✓ Diverse vergaderruimtes met de beschikbaarheid van moderne apparatuur
- ✓ Ruime mogelijkheden voor feesten en partijen voor kleine en grote groepen



Grand Café Thuis bij Kappers
Kerkstraat 7
7722 LR Hoonhorst

info@thuisbijkappers.nl
www.thuisbijkappers.nl
0529-401281

BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718	janendjoke@home.nl
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175	henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066	jolandalootens@live.nl
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683	sdabakker@outlook.com
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329	jantjerkkuipers@gmail.com
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836	annetnieuw@planet.nl

Lede-administraasje

Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

IBAN rekkennûmer


NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten
stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

It Frysk Selskip Swol wurdstipe troch:
Café Restaurant Partycentrum "Het Boskamp",
Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen
www.hetboskamp.nl

It Frysk Boun om Utens

Sneon 25 maart 2023 hâldt it Frysk Boun om Utens syn jierlikse

Algemeine Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemiddei

diskear by de Fryske Krite Flevolân 'De Sékrite' yn Lelystêd.



De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking en fiering fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op **sneon 16 septimber 2023**.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten kriterien is te finen op 'e webside fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.fr



MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 51
nûmer 1

Oprjochte 8 febrewaris 1899
wynmoanne (oktober) 2022


GJIN SEE TE HEECH

Sa hjit it nije programma fan it selskip Noordenbos & Ko. Mar dan mei in 'C' yn stee fan see. Dêrmei jouwe se oan, dat se heech wetter, hurde wyn en wylde weagen treast binne.

Dat jildt ek foar ús, as Frysk Selskip Swol. Yn it lange bestean fan it selskip (krapoan 124 jier) hat it hiel wat stoarmen trochstien en oerwûn. Want wy, Friezen, lizze fan ien slach net om. Wy hâlde de kop der foar en sette troch. Nei alle gedachten steane we dêrom bekend as stiifkoppen. Om't we tige fêsthâldend wêze kinne oan eigen hâlding en opfettingen. Wy litte ús net gau fan 'e sokken prate. As de need oan 'e man komt, fjochtsje we sels foar ús selstannichheid en benammen foar ús frijheid. De skiednis is fol mei ferhalen oer dy romrofte Fryske frijheid. 'Eala Frya Fresena' is de wapenspreuk fan East-Fryslân en stamt al út de tiid fan de Fryske seelannen. Dit waard by de Upstalbeam bij Aurich yn East-Fryslân útsprutsen, by de gearkomsten fan de ôffurdigen fan de Fryske seelannen. De spreuk waard dan yn it Eastfrysk beântwurde mei 'Lever dood as Slaav'. Dat komt ús net ûnbekend foar.

Ik dwaal ôf. Werom nei ús selskip. Dat hat yn 'e rin fan syn bestean hichtepunten meimakke mei hiel grutte foarstellingen dêr't hûnderten minsken op ôf kamen. Bygelyks it grutte sjongspul Mata Hari, de 'fen-man-shows' fan Rients Gratama silger, produkjes fan Tryater as 'Richard III' en 'De feint fan twa masters'. Fan resintere datum binne 'De Emigrant', 'Feteranen', 'De man fan dyn libben' en 'Wat Soesto!'. Der wienen lykwols ek tiden dat it mei it fuortbestean fan it selskip faai stie. Mar eltse kear joegen bestjoer en leden gjin belies en setten se de skouders der ûnder. Eltse kear ferriisde it selskip as in feniks út 'e jiske.

Ek yn de ôfrûne twa jier, mei alle beheiningen troch it Koroanafirus, binne de leden it selskip trou bleaun. Dat is geweldich! Al rint it ledetal dan stadichoan ek tebek, mei-inoar sette we troch. Op wei nei it 125-jierrich bestean fan ús selskip yn febrewaris 2024. Alle reden om dat gruts mei-inoar te betinken en te fieren. Want der giet ús gjin see te heech.



Der giet my gjin gers te heech.

Jan Bosgraaf (foarsitter)

FERSLACH LEDEGEARKOMSTE

*freed 8 april 2022
Het Anker, Zwolle
37 oanwêzigen*

Mei kofje of tee iepenet Jan Bosgraaf dizze gearkomste en hjit eltsenien wolkom. It is in besûndere gearkomste om 't wy dizze, troch de Koroana-pandemy, nei twa jier wer hâlde kinne. En no't it mei Koroana min ofte mear foarby is, is der in ferskriklike oarloch yn Oekraïne. Lokkich hawwe wy yn dy twa jier troch Koroana gjin betankjes krige, inkeld in pear ferhuzingen. Sa is it ledetal sawat itselde bleaun. Wy hawwe 102 leden. It ôfrûne jier hawwe wy wol trije kear in jûn/middei hâlde kinnen. Hjoed soe Sietske Ypenga – Keulen ús fermeitsje mei in pear moaie Fryske folksferhalen, mar troch famyljeomstannichheden kin sy net komme. Dêrfoar yn 't plak seit Jan in ferrassing ta. Boppedat sil it koar in pear kear optrede mei moaie lieten ûnder lieding fan Jelma Wiegersma.

De ledegearkomste is de ôfrûne twa jier net hâlden, dêrfandinne binne der ek gjin ferslaggen.

Oer it jierferslach 2021-2022 (de 5 krantsjes) binne gjin opmerkingen.

De boekeferkeap rint werom. Dochs is der dit jier foar € 43,00 omset, seit Jolanda Lootens. De lêste boeken lizze noch te keap.

De trije kear dat wy dit winterskoft noch in jûn/middei hâlde koene, wie der ek in ferlotting. Annet Nieuwenhuis docht ferslach en kin meidiele dat dy € 467,00 opbrochten. In moaie útslach om 't der ien middei troch it minne waar (stoarm) mar in bytsje flecht op de koai wie.

Foar it begjin fan dizze gearkomste wie it jierferslach fan ús ponghâlder Sjoerd Bakker útrikt en elkenien koe it lêze. Hjir binne fierders gjin fragen oer en ek net oer de balâns.

Ut namme fan de rekkenopnimmers, Freerk Kunst en Harmen van der Zee, brocht Freerk ferslach út. It kloppet hielendal en de ponghâlder kin décharge ferliend wurde. Dat bart mei hantsjeklappen. Jan betanket Freerk foar syn wurk as rekkenopnimmer.

Foar it kommende winterskoft is Gerrit Jellema de nije rekkenopnimmer (mei Harmen van der Zee). De reserve-rekkenopnimmer is Jaap van Slageren.
(ferfolch op side 3)



Wa doart noch te sizzen, dat Friezen net romantysk binne ?

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. Of stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl. Oanmelde fia de webside kin ek.

UTSLAGGEN FEESTILKE JUBILEUMEDYSJE KEATSWEDSTRIID

Utslagen A-klasse (yndividueel klassemment)

1. Anno Bergsma
2. Siebren Veenstra
3. Peter Auke Nicolaij

Utslagen B-klasse:

Winnersrûnte:

1. Reinder Koops
Hessel Yntema
Minke Koerhuis-de Jong
2. Piet Stellingwerf
Sieger Siderius
Jelle de Jong

Ferliezersrûnte:

1. Henk Bloemsma
Marjan van Mourik
Piet Bosgraaf

Trijtje Tilstra

(skriuwer Keatsclub Swol)

**FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 22 OKTOBER 2022**

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade
en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 22 oktober 2022 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

(ferfolch fan side 2)

De trije bestjoersleden dy't ôfgeand binne, Jan Bosgraaf, Jan Tjerk Kuipers en Sjoerd Bakker, binne op 'e nij foar trije jier yn te hieren. Der binne gjin tsjinkandidaten oanmeld en de fergadering giet akkoart mei dizze fuortsetting.

Jan dielt mei, dat der yn it bestjoer wat feroare is; Jolanda Lootens is no skriuwer en Jan Tjerk Kuipers 2^e skriuwer.

Wy binne aardich posityf dat wy dit kommende winterskoft wer in moaie wurklist krije. Oeral binne de selskippen wer drok dwaande mei repetysjes. Wy hawwe al inkele kontakten en rekkenje der op dat it goed komt. Seker in foarstelling yn oktober, it krystmiel en noch twa middeis yn it nije jier moat slagje.

Mei it útstel om de ynlage foar it nije winterskoft net te ferheegjen, it bliuwt € 38,00 p/p, is de gearkomste akkoart.

Wy ferwachtsje in tekoart op de begrutting fan sa'n € 3000,00, mar dat kin lije.

Rûnfraach:

- Henk Monkel freget wat men der fan tinkt om it krystmiel by "De Mol" yn Wythem te hâlden. Hjir wurdt posityf op reagearre.
- Harmen van der Zee wol graach noch sa'n 10 minsken mei hawwe op it útsje fan it koar, sadat it finansjeel út kin.
- Jan docht in oprop foar mear adfertearders om ús krantsje mear kleur te jaan.

Dêrnei slút Jan de ledegearkomste 2022.

Jan Tjerk Kuipers

It Nijs
Wrâldwiid nijs yn it Frysk

Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale dei- of wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei moaie kollums), sport, ferdivedaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside www.itnijs.fr!

NEI OFRIN FAN DE LEDEGEARKOMSTE

Lykas wenst wie der nei ôfrin fan de ledegearkomst in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol. Fanwegen alle beheiningen troch de Koroanapandemy hie it koar folle minder repetearje kinnen, mar dêr wie neat fan te merken. It klonk wer treflik. As Friezen om utens kinne we der o sa grutsk op wêze, dat der sa'n goed en grut Frysk Sjongkoar yn Swol bestiet.

Trochdat Sietske Ypenga – Keulen behindere wie, hie Jan Bosgraaf yn sân hasten in kwis oer Fryslân makke, dêr't de oanwêzigen harren in oerke mei fermakken. No ja ... fermakken? Der waard ek wolris hiel djip en serieus neitocht om in antwurd te finen. Lykas Wiebe Ypenga (foto), dy't op syn fingers telde yn hokker stêd de alvestêderiders it 7^e stimpel krije. Al mei al waard it in tige gesellige en noflikke middei.



Wiebe Ypenga is by Sleat, dêr't de riders it 3^e stimpel krije.



In groepke folop yn aksje

FEESTILKE JUBILEUMEDYSJE KEATSWEDSTRIID

Keatsclub Swol organisearre sneon 25 juny de jierlikse Grutte Keatsdei op Sportpark de Pelikaan. Keatsen is in balsport wêrby't ien 'partoer' (ploech) de opslach fersoarget en de tsjinstanners de opsleine bal werombringe út it saneamde perk (markearre fjild). Wêr't de bal telâne komt, wurdt markearre mei in houten blok: de keats. Sadree't de partoeren wikselje, moat ien partoer de keats foarby slaan. Dit, en de protte ûnskreaune regels, meitsje it keatsen ta in geweldige sport.

De wedstriid op 25 juny wie in jubileummedysje omdat de keatsclub sechstich jier bestiet. Al is der yn Zwolle al folle langer keatst en wie de keatsklup yn it ferline



folle grutter. Mar der binne noch genôch minsken dy't entûsjast binne om de balsport hjir yn Oerisel te beoefenjen. Dat wie ek it gefal by de jubileumwedstriid, dy't tweintich keatsers út ferskate regio's luts. Der waard spile yn in A- en B-klasse, mei seis keatsers yn de A en 14 yn de B-klasse, yn partoeren fan trije of twa.

Foarsitter Anno Bergsma (2^e fan rjochts) ropt de keatsers it wolkom ta.

Om 11.00 oere rûn it keatsfjild stadichoan fol en wie der kofje, tee mei in stik fryske oranjekoeke. Nei in wurd fan foarsitter Anno Bergsma begûnen de earste partijen. De feesttinten leveren ûnderdak mei twa buikes, fierders wie it in sinneskynde. Der wiene ek spannende partijen. Sa no en dan waard der in mjitlint brûkt om te oardieljen oft de bal de keats foarby wie of net en wie der diskusje oer oft de bal yn of krekt út it perk foel.

Oan 'e ein fan 'e middei, doe't elkenien twa of trije kear keatst hie, wie it tiid foar de priisúttrikking. De winners krigen drankpakketten út Zwolle, mei in blommekrâns foar de earste priiswinners. Foar alle dielnimmers wie der in moai oantinken yn de foarm fan in stielen jubileumplaat en in spesjale pinne. De dei waard ôfsletten mei in drankje en borrelhapkes. Op nei it folgjende jubileum!

Trijntje Tilstra (skriuwer Keatsclub Swol)

Foar mear ynformaasje: www.keatsclubswol.nl

SKUTSJESKIPPERS

Op ús middei yn maart gie it oer skûtsjeskippers en reedriders. Ferhalen ferteld troch Age Veldboom en lieten songen troch Bennie Huisman. As it oer skûtsjes giet, dan sit Freerk Kunst op it puntsje fan 'e stoel. Om't syn heit ek op in skûtsje fearn hat. Fan Freerk krigen we twa moaie ferhaaltsjes foar ús krantsje.

It earste ferhaaltsje is om te laitsjen.

Myn heit Douwe (*1898) hat as jonge ek op in skûtsje fearn, by syn omke Bas de Haan yn Makkum.

Hy fertelde dat skippers, dy't oare skippers tsjinkamen en elkoar koene, sa gau mooglik nei elkoar begûnen te razen om te freegjen nei it wol en wee fan de húshâlding, it wurk, sûnens, 'wêr giest hinne', ensfh. It petear dat begûn mei balten, gyng stadich oer op in leger tal disibellen nei 't men tichter byinoar kaam. Dan wie it efkes gewoan prate, maar it lûd naam wer ta by it fierder byinoar weireitsjen. Sa wie der in skipper dy woe noch krekt efkes witte hoe't it mei soan Jelte fan syn kollega wie. It koe noch krekt, mar dan moast it wol op syn alderlûdst.

'Us Jelte?', raasde de iene skipper nei de oare, 'Jelte moat sitte, mar dat wolle we graach stilhâlde'.

En dan it twadde ferhaaltsje.

Myn heit hat trouwens ek wolris silend de Sudersee oer west op in skûtsje, mei twa man: de skipper en hy as skippersjonge. Om't it doe winter waard ha se in hiel skoft yn Amsterdam yn it iis fêstlein. Oft it deselde winter wie wit ik net, mar hy hat ek in kear tidens de krystdagen allinnich op it skip bivakkearre, wylst de skipper nei hûs gong om kryst te fieren. 'Nou, do rêst dy wol, tink?'. It skip lei earne by de Snitsermar. Douwe hie ien lyts boekje ta syn foldwaan: 'Friesche en Hollandsche Versjes van den schippersfeint Of Kees uit de woadkant, benevens een verhaal van ons leven op het Franse oorlogsschip in de jaren 1812-1813', fan de Gerdykster rimeler Kees Harkes Landmeeter (*1790). Dêr moast er him twa (of mear) dagen mei rêde. In thús hie ús heit net. Syn heit, myn pake Freerk, waard jong widner, krige in twadde frou, der kamen ridlik gau lytse bern, earmoede, lytse klinte, se wiene bliid dat de âldste soan de doar út wie.

Groetnis, Freerk Kunst

FRYSKE TSJERKETSJINST YN WINDESHEIM

Snein 24 april 2022 teagen we wer man/froumachtich nei it tsjerkje fan Windesheim foar de jierlikse Fryske tsjinst. Nou ja, sa machtich wiene we diskear net. Dûmny Renze Pieter Yetsenga koe rom tritich tsjerkegongers wolkom hjitte.

Dy lytse kliber kaam net foar de winige doar. It boadskip mocht der wêze. Hokker ferhaal past der better by Peaske as dat fan de Emmaüsgongers.



De histoaryske tsjerke yn Windesheim

Dizze beide rinnens wiene it paad net bjuster, dat net, mar se wiene wol de tried kwyt. Harren liedsman wie okkerdeis in wrede dea stoarn, it folk wie rêdeleas, wanhopich, hoe moasten se no fierder. It wie gjin 'fakenijs'. Der wiene genôch tsjûgen dy't de wierheid fan it ferlies meimakke hiene en der net oer útpraat rekken.

Dat der immen samar út it neat opdûkt en goede en hoopfolle wurden brûkt, wol de beide reizgers earst net oan. Wol knap dat dy ûnbekinde sa goed yn de skriften thús is. Dêr fernuverje se harren oer. Dêr litte se it lykwols net by. De ûnbekende wurdt útnoege om te bliuwen en mei harren de nacht troch te bringen.

Gods bedoeling wurdt binnenhelle, yn Syn stream meirinne. Se pakke de kâns om der wat mei te dwaan.

Jezus, want hy is it fansels, makket him de oare moarns op in ferrassende manier bekend, sûnder wurden, mar mei in Godlik gebear. De hearen wurde op harren winken betsjinne wat har soargen oanbelanget.

De spanning is der ôf. It ûnbekende, de eangst, de ûnmacht is ferdwûn. Se krije nije krêften. De eagen geane iepen, mar de bringer fan it boadskip ferdwynt wer. De minske is wer op himsels oanwiisd, mar mei in dúdlike opdracht.

Wat foar dizze beide reizgers jildt, kinne we ek op ús sels fan tapassing ferklearje. It boadskip kin breder makke wurde.

(ferfolch op side 6)

(ferfolch fan side 5)

Net allinnich wy, mar ek ús neisten, tichteby en fier fuort, en net te ferjitten de kommende generaasje nei ús soene it gemis fan it Ljocht en de tsjustere wrâld de baas wêze moatte. Hoe de minne tiden ferneare te kinnen. Om yn de aktualiteit te bliuwen, hoe kinne we de oarloch útbanne. Oan ús it wurd en de died.



It kwartet fan it Frysk Sjongkoar Swol yn de histoaryske tsjerke yn Windesheim

De tsjinst waard ynkleure troch de prachtige oersetten en orizjinele Fryske lieten. It kwartet fan it Frysk Sjongkoar Swol (foto) spile hjir net swak by. Dat mei ek sein wurde fan de skriftlêzings troch Vera Lootens en it oargelspul fan Wim Verwey.

Freerk Kunst

EIN OAN IN TRADYSJE

Mei dizze tsjerketsjinst, de 20ste op rige, komt in ein oan in goede tradysje, dêr't nei in 100-jierrich bestean fan it selskip mei útein setten waard. Dat leit him net oan de organisatoren, net oan de domynys en ek net oan it jild. It is benammen fanwegen de opkomst, dat it bestjoer nei lang beried dit beslút nommen hat. By de earste tsjinst op 1 april 2001 sieten sa'n 125 minsken yn tsjerke. Tsien jier letter waarden sa'n 90 minsken wolkom hjitten. Fiif jier lyn wie it tsjerkefolk werom rûn nei 60. En diskear wiene der rom 30 minsken oanwêzich. Ien fan de oarsaken is it weromrinnend ledetal. Dat is op 'e fingerseinen wol út te rekkenjen. De twa jier, dat der troch Koroana gjin tsjinst hâlden wurde koe, spilet ús grif ek parten. En nei alle gedachten ek de Fryske tsjerketsjinst dy't eltse sneintemoarn troch Omrop Fryslân útstjoerd wurdt. As men dy sjoen en belústere hat, is de oandrang om middeis nei Windesheim te gean faaks net sa grut mear. Nei't men oannimme mei, sil it tal tsjerkegongers net mear tanimme. Dan kinne we mei goed fatsoen gjin dominy freegje om foar in skaplik pryske nei Windesheim te kommen om foar sa'n bytsje taharkers te preekjen.

Mei grutte tank oan elts, dy't de tsjerketsjinsten organisearre hat en/of dêroan meiwurke hat.

(JB)

Mei al dy argewaasje oer de stikstofproblematyk, diskear in nûmer oer it boerelibben fan eartiids.

'Fordson Dexta blues' fan Swiet & Bjuster

*Ik wie in lyts boerke. Molk in stik as fyftjin kûj.
Ik hie gjin argewaasje. Ek gjin jild, mar ik wie wol frij.
Mei myn lyts blau trekkerke bewurke ik myn lân.
Ik die gewoan myn dingen en ik brûkte myn ferstân.
Jûns healwei tsienen dan tufte ik nei hûs.
Mei de ein yn 'e bek en de Fordson Dexta blues.*



De leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** sjonge al jierren mei in soad nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn 't Frysk songen wurdt!

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingsintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 – 656802
Jolanda Lootens	pongjâlder	038 – 420066
Jelma Wiegersma	diriginte	038 – 3311670

(JB)

(ferfolch fan side 7)

Dêr sjonge wy ek in pear lieten en it klinkt yn in tsjerke fansels wol hiel moai. De akoestyk is der ek nei. Wy stappe nei it sjongen wer yn 'e bus en ride nei It Heidenskip. Yn it doarpshûs It Swaiegat wurdt op ús rekkene mei de lunsj en wy ite dêr in komke sop, wat breadsjes en in kroket. It smakket allegearre tige.

Dan fertrêdzje wy ús nei it Heidenskipster tsjerkje foar in lêzing troch Gerrit Twynstra, dy't ús it ien en oar ferteld oer de omjouwing, dat de heit fan Freek de Jonge dêr as dominy stien hat en de poëzy dy't Freek deroer skreaun hat. It, tink ik, wol ferneamde boek

'De Oerpolder' (Hylke Speerstra) giet ek oer dizze omkriten. Troch de omkriten fan It Heidenskip lizze tal moaie fytspaden, dat jim kinne op 'e fyts hiel wat mear sjen, hoe moai as it dêr is.



Ek dêr sjonge wy in tal lieten en ús taharkers fine it moai. In oar gebou en akoestyk. It klinkt oars mar ek wy binne bliid dat wy wer ris sjonge meie mei publyk.

Nei dit alles rinne wy yn it sintsje werom nei It Swaiegat foar in bakje tee of kofje en dêrmei is dizze dei yn Fryslân ôfsluten. De bus stiet wer ree en dan mar wer op nei Swol. De measten fan ús beslute de dei mei in goed buffet yn Het Anker en it sit dan ek wol hiel lekker sa mei-inoar. Dan smakket it iten altyd goed, yn goed selskip.

Wy kinne mei nocht werom sjen op dizze dei. Goed fersoarge en opset troch Ans en Harmen! Mochten der takom jier mear fan de krite mei kinne, dan litte wy jimme dat op de ien of oare wize wol witte. Der wie diskear noch aardich wat romte yn de bus. En ach, dan komme jo der ek ris út no?!

Mei groetnis,
Jolanda

REISKE FRYSK SJONGKOAR SWOL NEI FRYSLAN

Troch de beheiningen fan it Koroanafirus binne wy as koar der twa jier net op út west nei Fryslân om te sjongen en ús moaie provinsje te besjen. Ek diskear wurdt yn oerlis mei it fersoargingshûs ôfsjoen fan in optreden. Nei de safolste golf fan Koroana dêr, doare se it net oan. Mar Ans Wieling en Harmen van der Zee hawwe wat oars betocht.

Dat nei ferskate repetysjes en in aardich goede generale op 'e ledegearkomste fan Frysk Selskip Swol kinne en geane wy op freed 22 april derop út. Moarns (foar guon ier en betiid) om 08:15 oere stiet de bus foar ús ree by Het Anker yn Westholte en om 08:30 oere stekke wy ôf. Diskear geane der mear minsken mei; in tal partners én Jan en Djoke Bosgraaf fan it Selskip. Dus net allinich koarleden! In idee foar takom jier?

Nei it wolkom hjitten fan sawol de sjauffeur as Ans, ús betúfte aktiviteitenkommisjelid, ride wy nei ús earste bestimming; fakânsjepark De Kuilart te Koudum. In pear lekkere bakjes kofje mei fansels in stikje oranjekoeke!

Dêr hallet Harmen (vd Zee) noch wat oantinkens op. En eltsenien praat oer de moaie omjouwing. Jo sjogge dêr út oer de Fluessen en de oare kant út nei de Morra.



As wy dat (de kofje en oranjekoeke) efter de knopen hawwe, stappe wy wer yn de bus om nei Warkum te gean om dêr de prachtige tsjerke te besjen dy't midden yn it sintrum stiet – de Grutte of St Gertrudistsjerke. De tsjerke is fan 1480 ôf boud. It bysûndere is dat de toer, dy't yn 1523 boud is, apart stiet fan de tsjerke. Dêrnei is der, meast as der wer jild wie, fierder boud of oanboud.

Wat my it meast bybleaun is, binne de gildebieren (foto), dêr 't in ferstoarne fan syn gilde op nei it hōf brocht waard. It binne tige swiere bieren en hiel kostber. Tsjintwurdich is it net mear yn gebrûk. It is û.o. te swier om te tillen en it binne museumstikken.



(ferfolch op side 10)
-7-

Sneon 22 oktober 2022 om 14.30 (healwei trijen) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol (ynrin fan twa oere ôf)

Campherbeeklaan 82 Zwolle (Berkum)



Hurde wyn, wylde weagen, heech wetter,
Foar Noordenbos en Ko giet gjin see te heech!

De moaie loft, de waarme sinne,
de stilte fan it waad...
Dat alles joech ús ynspiraasje en sjongnocht!
Mei teksten en muzyk fan eigen boaiem
en in knypeach nei 'Toppers van toen'

Spilers:

Aline v.d. Wey – Struiksma
Renie Zuiderveld
Janneke Themmen – Westra
Klaske Kingma – Noordenbos

Oan 'e piano Pieter Jelle v.d. Laan

Lûd: Lourens Koldijk

EN DER IS IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!! HOE MEAR LOTTEN, HOE GRUTTER DE KANS!!!